

Skriftlike fragen fan de FNP Ljouwert "oer it brûken fan in keunstwurk as reklame objekt" oan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders sa as bedoeld yn artikel 42, earste lid fan it reglemint fan oarder fan de gemeenteried fan Ljouwert.

Achte Kolleezje,

It Doarpenteam Noord hat langere tiid gebrûk makke fan in romte yn de Skalm oan de Pyter Jurjensstrjitte 17 yn Stiens.

Boppe de yngong fan dizze romte hinget al sûnt 1996 in kostber keunstwurk makke troch de keunstner Hanshan Roebbers.

It is ús as FNP Ljouwert opfallen dat de gemeente Ljouwert mient hat dit keunstwurk as reklame objekt te brûken moatten.

Guon minsken út Stiens hawwe ús benadere en fine dit sels in foarm fan kulteur barbarisme en hawwe der dan ek gjin goed wurd foar oer.

No de Skalm oan de Pyter Jurjensstrjitte op de planning stiet foar ôfbraak ifm bouw fan nije wenningen binne wy as FNP alhiel benijd hoe mei dit keunstwurk omgien wurde sil.

Inkele fragen fan de FNP;

1- Wie de gemeente wol op de hichte dat it opjekt boppe de yngong fan it Doarpenteam in keunstwurk wie ?

2- Is it kolleezje it mei ús iens dat hjir in grutte flater begien is ?

3- Soe it ek netsjes wêze dit mei in ekskús út te lizzen nei de ynwenners fan Stiens ta?

4- Is it in idee om mei Plaatselijk Belang Stiens en de ynwenners fan Stiens út te sjen nei in oar moai plak foar dit keunstwurk no de Skalm ôfbrutsen wurde sil?

5- Boppesteande yn goed oerlis en te sjen nei de mooglikheid mei de makker fan dit keunstwurk Hanshan Roebbers.

Wy ferwachtsje fan it kolleezje útwreide antwurd op ús fragen dus in ja of in nee is net akseptabel.

Sjoch ek: <https://www.keunstwurk.nl/kunstobjecten/daglichtobject/>

Mei groetnis,

Jan-Willem Tuininga

Fraksjefoarsitter FNP Ljouwert



